



## Fryske Krite Súdeast - Drinte

1 maaie 2022

Bêste minsken,

Sa 't wy al skreaunen yn ús brief fan 1 maart noegje wy jim hjirby út foar de:

**Algemiene Ledefergadering** fan ús krite op **tongersdei 12 maaie 2022 om 16.00 oere** by Wielens yn Noord – Sleen.

En fan ôf **17.00 oere** begjint dan it **KRITEDINER**. Dizze kear gjin stampotbuffet dus mar in waarm miel op tafel. En dan is it fansels de bedoeling om der wer in tige noflike jûn fan te meitsjen mei ferskes, in gedicht as in foardracht. En Sjouke sil ek wer wat muzyk meitsje.

- \* De kosten foar dizze jûn binne € 25,00 de persoan. Yn dit bedrach sitte gjin drankjes, dy binne foar eigen rekken.
- \* **Wichtich** :Opjaan foar 10 maaie by Greta (06 30 70 44 04) of by Sjouke (06 20 08 77 12)

**Minsken komme ! Wy rekkenje op jimme. It wurdt tige gesellich !**

### Wurklist Gearkomste:

1. Iepenjen en meidielings
2. Ferslach fan de fergadering fan 30 septimber 2021
3. Jierferslach skriuwer
4. Ferslach rekkenopnimbers
5. Beneame nije rekkenopnimmer(s)
6. Jierferslach ponghâlder
7. Hoe no fjirder mei ús krite ?
8. Programma krite 2022 – 2023.
9. Omfreegjen
10. Sluten

### Ferslach fan de jierfergadering fan 30 septimber 2021

Foarsitter Greta iepent de gearkomste en seit dat der ôfmeldings binne fan 5 minsken. En dat se de groetnis oerbringe moast fan Anne Tuiten. Hjirnei sjonge wy it Fryske folksliet.

It ferslach fan de lest hâlden gearkomste, dat wie 16 maaie 2019, twa en in heal jier lyn dus, wurdt fêststelt. Dat wie noch in ferslach fan Anne Tuiten mar der wie dus troch koroana net earder in algemiene gearkomste mear west.

Dan komt oan de oarder it jierferslach, no ja, ek fan twa en in heal jier dus, fan de skriuwer. In koart ferslach, want der is hast neat bart yn dy tiid. Eins allinne it stampotbuffet op 23 jannewaris 2020. Der binne gjin fragen oer of nei oanlieding fan it ferslach.



De rekkenopnimmers binne by de ponghâlder west en ha de sinteraasje neisjoen. It wie dik ynoarder allegear. Frou Mölder wol noch wol in kear rekkenopnimmer wêze mar der moat noch in twadde komme. (Dy is der ek kaam en dat is Petrus Hollenga).

It jierferslach fan de ponghâlder wurdt taljochte en fêststelt. De ponghâlder wurdt ûntlêstige en betanke. Der wurdt frege wat as der mei it batich fermogen bart as de feriening ophâlde soe te bestean. It bestjoer soe dan earst besykje om der wat foar de leden mei te dwaan: mei elkoar ite of in reiske of sa. Mar it is regele yn de statuten dat jild dat oer bliuwe soe, nei in goed doel giet. Dat bringt ús fuort by punt 7 fan de wurklist: de takomst fan ús krite; ús bestearsrjocht. Nije leden komme der hast net by; bestjoersleden binne net mear te finen en it ledetal rint jierliks tebek. Utkomst fan de besprekking is dat oanwêzige leden de krite noch graach in skoftsje yn stân hâlde wolle en dat it bestjoer noch efkes trochgean moat. Dat wol it bestjoer wol, mar dan moatte de leden wol ynstimme mei mar 4 bestjoersleden want neffens de statuten moatte der 7 wêze. Oer bestjoer sprutsen: Meiny van Huizen – Vis wurdt beneamd as bestjoerslid. Dat wie se eins al efkes mar noch net offisjeel.

De leden stimme yn mei it programma foar it kommende winterskoft en hooplik kin dat trochgean.

**Omfreegjen:** wit immen ien dy't it redaksjewurk foar it krantsje oernimme kin en wol fan Henk Kloosterman? Nimmen wit immen. In oare fraach is of ús krite net fusearje kin mei dy fan Assen. Mar Assen wol dit net.

De foarsitter seit tank foar de komst en it meitinken en slút de gearkomste.

## Jierferslach skriuwer

Eins giet it mar om in heal jier en dan ek noch mar om ien jûn. De jûn fan sneon 2 april 2022.

It wie in teaterjûn mei it programma: " *It komt wer foar it ljocht*". En dan moat my fuort fan it hert dat de opkomst te leech wie. Mar 18 minsken wienen der. Mar wat ha de froulju moai spile. En wat wie it profesjoneel. Nei de kofje mei de oranjekoeke gie diel ien los. Moaie konferinsjes, sketskes en lieten. De teksten, de piano begelieding, mar ek it oare lûd en de ljochtbylden wiene prachtich. It wie in blik yn it ferline, mar ek moai ferbûn mei de tiid fan no.

Nei it skoft kamen der in pear typkes. De moaiste fûn ik wol dy fan de fûgelwacht. "In man yn 'e hûs? Ne ju, dat fyn ik mar unhygiënysk!" En wy wurden ek allegear noch oan it hantwurkjen setten. Yn elts gefal de froulju. Al mei al in hiele moaie kabaretjûn, mar dochs skande dat der net mear minsken wiene. It betsjut gewoan dat wy sa'n selskip net wer ynhiere kinne om't dat te djoer wurdt.

## Boeken

Der binne noch altyd Fryske boeken te keap. Se binne mar ien euro it stik.  
Foar ynformaasje: Harm Klynsma.

## It bestjoer

Greta Vos, foarsitter, 0591 – 610372, [gretalammers@hotmail.com](mailto:gretalammers@hotmail.com)

Harm Klynsma, ponghalder, 0591 – 625403, [harm@klynsma.com](mailto:harm@klynsma.com)

Sjouke van der Veen, skriuwer, 0524 – 552862, [sjvdv8@gmail.com](mailto:sjvdv8@gmail.com)

Meiny van Huizen, bestjoerslid, 0524 – 850324, [meiny@hotmail.com](mailto:meiny@hotmail.com)